

## Hannelspost Rien

**In ferhaal oer alle middenstanners dy't rûn 1950 noch yn Rien wennen.**

**It stik is oernommen út it Diggelfjoer fan novimber 2025 en dat fan jannewaris 2026 en skreun troch Watse.**

**De ferteller is Jan Spannenburg. Hy waard yn 1940 berne yn Lytsewierum en wenne dernei syn hiele libben lang yn Rien en Lytsewierum.**

Sommige stikjes skriuwe suver as hast fansels en stean by wize fan sprekken yn in flok en in skeet op papier. Mar it iene stikje is it oare net. Somtiden duorret it ek skoften foardat in idee úteinlik oan it papier tabetroud is. Sa ek mei it idee efter dit skriuwen.

Faak is der dan in oanlieding nedich om de boel yn gong te setten.

Dy oanlieding kaam der op sneontemoarn 6 septimber.

Tillefoan! Op it skermke sjoch ik de namme 'Jan Spannenburg' stean.

Noch foardat ik opnim, sjit my al troch de holle dat it hast net oars kin of Jan bellet nei oanlieding fan it lêste Diggelfjoer boekje. Dat boekje is nammentlik in dei earder yn Rien útsutele.

Ik nim op.

Jan lit der gjin gers oergroeie en makket fuortdaliks de reden fan syn telefoantsje dúdlik.

"Ja, Watse. No moast ris efkes harkje. Ik ha hjir it Diggelfjoer foar my lizzen mei deryn it stikje oer Tjitske de Jong en har winkelstje. Mar dêr wurdt myn mem ek yn neamd, mar net mei de goede namme no. Dat kin sa net no. Sy stiet der sels yn mei foto en al.

Rika Hoekstra stiet der ûnder, mar sa hjit sy hielendal net. Myn mem har namme is Rike Spannenburg – Kooistra blinder!"

Dus dat is hjirmei earst efkes rjochtsetten!

Jan fertelt dat Tjitske en syn mem yndied hiele goede freondinnen fan inoar wiene. Beide hiene sy in grutte passy foar it toaniel en it kloppet ek dat hja wol wedstriidsjes hâlden oer wa't bygelyks it earst de wask oan de line hie.

Mar it stikje oer it winkelstje fan Tjitske de Jong set noch in oar idee yn beweging. Jan en ik hawwe al hiel lang it plan om alle eardere middenstanners fan Rien ris in kear te beskriuwen.

Want it winkelstje fan Tjitske stie beslist net op himsels. Sy wie ien fan de safolle ûndernimmers yn it doarpke. Rien wie nammentlik in wiere hannelspost oan de Frjentsjerterfeart.

Wêr begjinne wy Jan?

"No by Tjitske har winkel mar tink?"

Goed, begjinne wy op dat ein. Hokfoar tiid ha wy it eins oer Jan?

"Ik bin fan 1940 en ik beskriuw de situaasje fan doe't ik lyts wie.

It sil sa'n bytsje 1950 west ha.

Wy begjinne op de Molmawei 25. Dat is no de pleats fan de famylje Boschma, mar doe buorke Meinte Kingma dêr.

It hûs, dat in stik foar de pleats yn it plantsoen stiet (nr. 21) wie doe in dûbelde wenning.

Oan de iene kant wenne in arbeider en oan de oare kant wenne Johan Hobma. Dy die nei de oarloch yn't elektrysk. Hy makke elektryske stekken en reparearre bygelyks radio's.

It hûs op nr. 19 stiet der spitigernôch net mear. It is in pear jier ferlyn ôfbrutsen, mar dêr wenne doetiids Marten en Annie Stilma. Marten wie molkrider.

Hy helle mei hynder en wein de molke op by de boeren en brocht dat nei it fabryk ta. Mar hy hie sels ek in stik as wat kij. It wie in komelker of lytsboer sa 't sy dat eartiids wol neamden.

Fierder meande hy ek noch de dyksbermen en makke hy in hiele protte prachtige einekuorren.

Nr. 17 wie it winkeltsje fan Tjitske de Jong - Visser, dat is al earder beskreaun yn it Diggelfjoer fan septimber dus dat slaan wy no mar efkes oer. Nr. 15 wie ek in dûbeld hûs. Oan de iene kant wenne skipper Jan de Vries. Jan wie turfskipper. Simmerdeis wenne hy op syn skip en winterdeis yn it hûske oan de Molmawei.

It sa typyske hok, njonken it hûs, wie ek fan him. Fan dêrút hannele hy yn turf en letter ek yn koalen. Ik bin der as lyts mantsje faak hinne stjoerd om turf foar de kachel te heljen.

Dêr wer njonken op nr. 11 wenne Hiddinga. Dat wie in foeraazje keapman. Hy hannele yn feekoekjes, feefoer en soksoarte fan guod. Ek by dat hûs stie in hok, dat brûkt waard foar opslach.

Nr. 9 en 7 wiene arbeiderswenten. Ik wit noch dat Ynskje doe oan de iene kant wenne en oan de oare kant wenne lytse Kees Dijkstra.

Dêr't Bowe Huisman no wennet (nr. 5) dêr wenne doe Jetse Westra. Dy wurke by it houtsjefabryk yn Easterwierrum, mar hy wie ek de klandestine kapper fan Rien. Sels ha ik ek faak by him yn 'e stoel sitten.

Dan binne wy by it kafee. Dat wie doe fan Gooitzen Smeding. Hy wie net allinnich kroechbaas, mar ek noch brêgewipper, meunsternimmer en hea-roeder.

In hearoeder wie immen dy't de temperatuer fan it hea yn de gaten hold.

Eartiids binne der hiel wat pleatsen ôfbaarnd troch heabroei. Om soks foar te kommen wiene der hearoeders lykas Smeding nedich.

Wy bliuwe noch efkes oan dy kant fan de feart, mar gean dan nei de oare kant fan de dyk.

Nr. 6 wie de pleats fan Jochum Hoekstra. Hy wie boer en tagelyk ek kowekeapman.

By it wetter del, hielendal oan de ein ta dêr 't no Ronald en Anna wenje, dat wie doe ek in dûbele wente. Oan de iene kant wenne Job Stilma en oan de oare kant Sake van der Feer.

Sake hie in skildersbedriuw en do koest dêr ek te plak om ferve te keapjen.

It oare hûs oan dy kant fan it wetter (nr. 2) wie doe fan Folkert Reitsma. Folkert wie de smid fan it doarp. De smidterij siet oan de efterkant fan syn hûs, yn in grut hok. Dat hok stiet der gelokkich noch. It fjoer brânde dêr eins altyd en der waarden hynders beslein, sier stekken makke ensafuorthinne. Folkert hannele ek yn weinen en letter ek wol yn fytsen. Ik wit dat Fritsma dêr ek wolris in boatsje makke hat.

Dan stekke wy it wetter oer en begjinne wy oan de kant fan de opslach. It hûs njonken de brêge wie doe ek in dûbeld hûs. Oan de iene kant wenne Wiebe Terpstra en oan de oare kant wenne Hidde Hobma. Wiebe wie leedsizzer.”

Wat is in leedsizzer Jan?

“In leedsizzer of leedbesizzer wie immen dy’t minne famylje berjochten oerbringt. In doarferklikker waard ek wol sein. As Wiebe oan de doar kaam, dan koe it samar sa wêze dat der wat slimms yn de famylje bard wie. Do moast der by betinke dat hast nergens in telefoan wie. Yn it kafee fan Smeding hong der ien en miskien dat der yn Rien noch ien wie mei in telefoan, mar dan hold it wol op.”

Hidde, wurke by de gemeente. Hy fage de dyk oan en herstelde de dyk as der gatten yn sieten. Yn syn hûs siet ek in plysjesel. Dêr koe immen yn opsluten wurde foar bygelyks ‘landloperij’.

Efter it hûs fan Hidde en Wiebe stie noch in mânsk hok. Sis mar op it plak dêr’t hjoeddeis it swimplak fan Rien is. Dat hok wie de foeraazjehannel fan Tjalke Faber en te hichte fan dat hok lei ek de wenarke fan de famylje Fritsma.

Fritsma wie beropsfisker en hie op dat plak ek in tichtset fiskerij.

In tichtset is in wize fan fiskjen wêrby nachts de feart tichtsetten wurdt mei ien as mear fûken, sadat alle fisk dy’t yn ‘e nacht foarby swimt yn it net bedarret.

Pas letter binne de Fritsma’s ferhuze nei in hûs oan de oare kant fan it doarp oan de buorren.

Dat kaam ek omdat der op Kromwâl in fêste brêge kaam en de arke fan de Fritsma’s dêrtroch opsletten waard.

Op it plak dêr ‘t no Douwe en Jeska wenje, dêr stie yn myn jonge jierren it spultsje fan Tsjebe Kamstra. Tsjebe wie komelker en hie in grut apelhôf om syn hûs, wêryn ek altyd in protte hinnen omrûnen.

Dan binne wy by de pleats fan Witteveen. Eartids buorke Haye Statema op dat plak.

It hûs fan Wybren Rispens heard offisjeel ek noch by Rien, mar yn ‘e tiid dêr’t ik it no oer ha, stie der noch hielendal neat.

Wy stekke de Draversdyk oer en dan binne wy by de pleats fan Harm en Alie de Vries. Doetiids wie Piet Frankena dêr boer en dan binne wy by myn eigen hûs (no. 9). Dit hûs is fan 1911 en boud troch myn heit en mem. Myn heit wie Kees Spannenburg en hy wie keapman yn bargaen.

It hok tusken myn hûs en dat fan Harm en Alie heard offisjeel by myn hûs. Myn heit hie dêr eartiids meastentiids in stik as 20 bargaen yn stean.”

Wy moatte no rjochting de Buorren Jan.

Wa wennen der sa om en de by 1950 yn it hûs njonken jimme op nr. 7?

“Dêr wenne Albert Alberda. Doe’t hy njonken ús wenne wie hy in pensjonearre komelker.

It hûs mei nr. 7 wie yn dy tiid nammentlik in gemeentewenning.

Letter hat ek Ultsje van der Lei as ‘pensionado’ noch yn dat hûs wenne.

Ik tink net dat in protte ynweners fan de fjouwer doarpen hjoed-de-dei oanslaan sille op de namme Albert Alberda. Mar it kin best sa wêze dat in âlde foto fan Albert wol by in soad ynweners in beltsje docht rinkeljen. Albert wie eartiids nammentlik komelker op Kneppelen, ûnder Lytsewierrum. Hy stiet op de foto as ‘de man mei de seine’, dy’t foar syn eardere wenning op Kneppelen makke is. Tsjintwurdich hinget dy foto yn it doarpshûs.

It hûs, op de hoeke fan de kamp, stie der yn myn jonge jierren noch net.

It is boud troch Sybren en Tryntsje de Vries en Tryntsje wennet der fansels noch altyd. Sybren wie de soan en opfolger fan Jan de Vries en hy wie eartiids de skûtsjeskipper fan Rien. Oer him ha ik al it ien en oar ferteld. Hy wenne oan de Molmawei op no. 13.

Dan binne wy by de dûbelde wenning, dêr’t Rick en Sanne ynwenje en oan de oare kant wennet de beppe fan Rick, frou Feenstra.

Op dat plak stie eartiids Herberch De Wite Swaan.

Ek fan dy herberch binne gelokkich in pear prachtige foto’s bewarre bleaun.

Doe’t ik lyts wie wennen der wol twa of trije húshâldings yn de herberch.

Ien dêrfan wie de húshâlding fan Daan Skeepsma. Fan de herberch út wei hannele hy yn griente.

It hûske njonken dat fan Rick en Sanne is Draversdyk nûmer 1.

Dêr wennen eartiids Sikke en Aaltsje Sijbrandy. It hûs wie yn gebrûk as slachterij en dan benammen as ‘neadslachterij’. Sikke hie njonken it slachtsjen ek in hannel yn lytsfee. Tink oan bokken en rammelers. Fierder wit ik noch dat Sikke in grut leafhawwer fan oargelmusyk wie.

Dan binne wy by de Buorren oankommen. Litte wy de offisjele nûmering mar wat oanhâlde om it oersicht te hâlden. Dan moatte wy begjinne by it hûs njonken de brêge dêr’t no de famylje Weitenberg wennet (nr. 2).

Dat wie earder de bakkerij fan Jan en Geeske Hoekstra. Doe’t ik in lyts jonkje wie, wie it sis mar wer in ‘gewoane’ bakkerij wurden. Mar der is ek in tiid west dan wie it in sintraal

bakkerij en doe waarden op dat plak de bôlen bakt foar fjouwer ferskillende bakkers út de omkriten!”

Dat sil doe grif foar in lekkere rook soarge ha!

“Yn de lytse arbeiderswente oan de efterkant fan de bakkerij op nr. 4, wenne eartiids ‘Jaap de **striker**’ Jaap wie de homeopatysk masseur fan Rien en hie nei eigen sizzen ek in paranormale jeffe!

Dan stekke wy de dyk oer nei it hûs yn de hoeke op nr. 6.

Dêr wenne doe Sytske Fabriek. Sy hie eins altyd in betelle kostgonger by har ynwenjen.

Soest dus eins wol sizze kinne dat it ek in soarte fan ‘logemint’ wie.

Dan binne wy by nr. 8 en nr. 10. Frans Mol wennet tsjintwurdich op nr. 10.

Oan de iene kant wenne eartiids in arbeider en oan de oare kant wenne Sipke Hobma.

Sipke wie neist arbeider ek breajager en mollefanger. Hy koe krekt as Marten Stilma moaie einekuorren meitsje en dy waarden fansels dan ek wer troch him ferkocht.

It âldste hûs fan de eardere gemeente Hinnaarderadiel stiet op de hoeke fan de buorren en de kaai. It hûs hat nr. 14 en wie eartiids de Spar winkel fan Willem Faber.

Willem hie njonken de winkel ek noch in taksybedriuw. Hy brocht bygelyks in protte keaplju nei de feemerken fan Ljouwert en Snits.

Dan binne wy op de kaai bedarre, op nr. 16.

Ida en Ton van de Berg wenje dêr no en doetiids wie dat Klaas Boelens. Klaas wurke op de houtsjefabryk yn Easterwierrum. Dat wie sis mar in timmerfabryk.

Nr. 18 en 20 is tsjintwurdich it hûs fan de famylje Boonstra mar eartiids wienen it twa huzen.

Oan de iene kant wenne Punter, dat wie in bakkersfeint en oan de oare kant wenne **Tsjêbe** Kamstra. Hy wie komelker en arbeider.”

Jan, efkes in fraach tuskentroch.

Somtiden hear ik dy sizzen dat immen in komelker wie en in oare kear dan sprekst dochs fan in boer. Wannear wie immen no in komelker en wannear waard immen in wiere boer neamd?

“In komelker hie heechút in stik as 6 kij.

Mar om immen mei 7 kij no in boer te neamen dat giet eins ek wat te fier. Litte wy sizze dat in boer doetiids op syn minst 10 kij hie.”

Hielendal helder Jan. Wy binne by it hûs fan Geartsje Vrieswijk bedarre. Nr. 22 is dat.

“Dat wie eartiids de slachterij fan Sjouke Boem.

Syn echte namme wie Boersma, mar elk neamde him Sjouke Boem. Hy wurke ek foar slachterij Kuperus yn Burchwert.”

Mar waard dêr dan ek slachte?

“Jawis, winterdeis dan waarden de blokken iis út de feart wei helle. Dy brûkten se foar de kuolling.

Dan binne wy by it hûs fan de famylje Visser. Dêr wenne doe Yme Hoekstra.

Yme joech pianoles en hy hie ek in moaie sylboat oan de kaai lizzen.

Dêr wer njonken, op nr. 26, wenne doe Ype Zijlstra. Dat is de pake fan Ype Zijlstra dy't no yn Itens wennet. Ype syn pake wie arbeider by Jochum Hoekstra.

No wenje Pieter, Harmke en lytse Grytsen yn dat hûs.

Wy binne dan by de gloppe oankaam.

Oan de ein fan dat smelle strjitsje stiet ien lyts wyt hûske. Dêr wenne eartiids in arbeider yn.

Op de oare hoeke njonken de gloppe op nr. 30 wenne doetiids Teade Hoekstra.

Teade wie keapman yn kij en sels ek boer. De skuorre dy't grutdiels njonken de gloppe stiet, hearde by it hûs. Dêr hie hy syn kij yn stean.

It âlde pakhûs fan frou Conradi hat hûs nr. 32.

Eartiids wie it de peteroaljehannel fan Daan Skeepsma. Minsken koene dêr terjochte foar it heljen fan in kantsje my peteroalje. No brûkt nimmen dat guod eins mear mar yn myn jeugd brûnden in hiele protte lampen op peteroalje en der waard ek wol iten op sean.

Doe't Skeepsma ferhûze waard it eardere tsiispakhûs brûkt foar opslachromte.

Willem Faber fan de Sparwinkel hie der wol auto's yn stean. Wil en Willy Conradi ha it letter hielendal wer opknapt.

Dan rinne wy de steech yn.

Dy steech waard de gemeentesteech neamd, mar ik ha eins gjin idee oft dat ea in offisjele namme west hat.

Yn de steech stiene om ende by 1950 hinne in pear ûnbewenber ferklearre hûskes.

Dy hûskes waarden doe allinnich noch brûkt foar opslach. Ik wit dat der wol seilen yn leinen.

Oan de ein fan de steech, oan de rjochter kant, stiet ek noch in lyts hûske.

Gelf Huisman wenne der doe. It wie in soarte fan bejaarde wentsje en der ha ferskate pensjonearre komelkers en arbeiders ynwenne, bygelyks ek Pieter Sjaardema.

Watse: “Ik wit sels ek noch goed dat der yndied in âlde man wenne. Dat sil begjin jierren 80 west ha. As bern boarten wy in protte op de kaai en ek yn de steech. Sa koene je in prachtich moai rûntsje om drave.”

“Jos en Judy wenje oan it einde fan de steech oan de linkerkant.

Eartiids wie ek dat in dûbelde wenning. Ik wit noch dat oan de iene kant in arbeider fan Haye Statema wenne. Dy ha'k de oare kear al beskreaun. Hy wie doe boer op de pleats fan Witteveen.

As wy de nûmering wat folgje wolle, dan moatte wy hielendal wer werom nei de kaai en dêr rjochtsôf. Dat is no in hok sûnder húsnummer, dat by nr. 42 heard. Mar doe wie it bakkerij Geisje en op nr. 42 wenne Okke Oantsje Terpstra. Letter wie dat lange tiid Durk Veenstra syn hûs.

Dan komt der eins wer in stege, mar dy is al hiel lang ôfsluten. It is de 'Hollepântsjesteech' en hy rint foar it hûs fan de famylje Stoffelsma del en sa nei de iisbaan ta.

It lêste hûs oan de kaai is nr. 50.

Dêr wennen myn eigen omke en muoike; Hendrik en Hinke Spannenburg.

Letter ha sy it ferkocht oan de famylje Fritsma, doe't dy harren arkje fuort dienen omdat der in fêste brêge op Kromwal kaam.

Hindrik wie komelker en hie in stik as 6 kij yn de skuorre efter syn hûs stean.

It paad nei efteren ta rint û.o. nei it hûs mei nr. 44. Dat is no fan Sjoukje en Sytse Stoffelsma en wie doe in dûbeld hûs mei oan de iene kant Jan Bakker en oan de oare kant Sytze Hoekstra.

Hoekstra wie skiepkeapman en ek karmaster by slachterij Van Smeden yn Frjentsjer.

It hûs fan Sipke Eekma wie earder in pleats. Dat kinst oan de foarein noch wol goed sjen.

Doe't ik lyts wie buorke Jan van Beem dêr. Jan hie wat mear kij as in typyske komelker, mar krekt wat te min om foar boer troch te gean. Jan hat letter ruile mei Jan Goslinga.

Dy buorke op it spultsje oan de oare kant fan de Frjentsjerterfeart, dêr't Arjan en Mira no wenje. Njonken dy pleats, sa'n 100 meter op nei Reahûs, wie de dwinger.

Dêr waarden de húsketontsjes stoarten yn in pear putten dy't dêr yn de grûn sieten.

Der waard ek wol ôffal stoarten en somtiden ferbrând. Ienris yn 't jier kaam der in boat om de putten te leegjen. Neidat de tontsjes lege wiene, waarden sy ek altyd efkes omspield yn de Frjentsjerterfeart. Dat wie doe allegearre in deagewoane gong fan saken.

Wy moatte noch by 2 huzen del.

Dus gean wy efkes werom nei de kaai om de lêste twa huzen, dy't bylâns it wetter stean, noch efkes te neamen.

It hûs dêr't no Pieter Saadstra yn wennet (nr. 54) wie eartiids ek in dûbeld hûs.

Oan de iene kant wenne in arbeider en oan de oare kant wie de weinmakkerij fan Sierksma.

Efter it hûs stie doe in skuorre dêr't de houtbewurking plakfûn.

It lêste hûs oan it wetter is no fan Jan Fritsma mar it wie doe de timmersaak fan Durk Jellema. Durk hie ek in tige kreaze dochter Djoke. Sy wie kûpeuze en joech ek naailes oan oaren.

Dan ha wy no alle huzen dy't noch yn Rien stean hân, mar noch net alle hûskes dy't eartiids yn Rien stien ha.

Efter de timmersaak fan Jellema stienen eartiids nammentlik noch 3 hûskes.

Dy binne yntusken al wer in moai skoft lyn ôfbrutsen.

Se stienen heaksk op it hûs fan Piter Saadstra en hiene sa it sicht rjochting Reahûs.

Yn ien fan de hûskes wenne Jappe Bruinsma. Hy wie arbeider.  
Yn it oare hûs wenne Johan Hobma. Hy wie kleanmakker en yn yn't lêste hûs wenne eartiids  
Douwe Winkeler. Douwe wie de skuonmakker fan it doarp. Syn soan, Freerk hie letter yn  
Itens in smidterij yn de wenning fan de famylje Jellema en dêrfoar fan Viëtor.  
Ein jierren 50 binne de trije hûskes ôfbrutsen omdat sy as 'ûnbewenbere wenning'  
oanmurken wiene."

Jan wat in moai oersjoch. It is hast net te leauwen dat der eartiids sa'n soad lytse  
ûndernimmers yn Rien aktyf wiene. Dat fan dy lêste 3 hûskes hie iksels ek noch nea earder  
fan heard.

Mei grutte tank en yn neitins oan Jan Spannenburg hy wie in echte Rienster en ferstoar op  
4 jannewaris 2026.

It rjocht om dit stik of parten der út wei te kopiearen is foarbehâlden oan de skriuwer.  
Zonder toestemming van de schrijver mag de inhoud van deze uitgave op geen enkele wijze  
worden gekopieerd of gebruikt worden in andere publicaties.

© W.Zeinstra, Itens